

Timmer en Bau bedriuw v.h. Fa G.P.Otter en Sn.

Gerlof P. Otter hat op 2 des. 1918 it perseel wat no Wissebuorren 11 is, mei wenning, bergplak en bûthûs kocht fan de hear Halbe Deinum (de heit fan de fytsmakker) dy't der doe yn wennen.

De wenning mei omballingen wierne doe ± 20 jier âld.

Gerlof Otter hat mei syn trouwen op 12 moaie 1919 yntrek nomt yn Wissebuorren 11 en der begoun er mei in timmerbedriuw, dat yn 1960 oernomt is troch soan Piter Otter (sjoch bijlage 1)

It wurk besty earst út allerhande ûnderhâldswurk by de klanten. Bygelyks it pleatsen fan houten wetterpompen by de minsken wie regelmjittich wurk, en as it boppeste diel rottich waard dan moast de pomp mei in takel yn 3 houten juffers omkear wurde (yn de groun ûnder wetter rottet hout net).

It slimste wie dan om it houten ammerke mei it klepke wer wetterticht ûnder yn de pomp te krijen, dat barde mei henep en hjitt koutet, as it de earstear slagge hie men gelok (sjoch bijlage 2)

Panstrike wie ek in sinnich wurk, dat barde binnen op 'e souders der wie foarhinne gjin houten dakbesket, en derom moasten de iepeningen tusken de dakpannen fan binnen tichtmakke wurde mei taaie kalkspeesje.

Yn de oorloch doe't der troch de bommen faak kalk ôffoel waard it fan bûten besmart, nei de oorloch kaam der hurdboord ûnder de pannen.

Ek de lykkisten waarden foar de oorloch sels makke troch de doarpstimmerman, en dat wie faak nachtwurk.

Douwe v.d. Zee, de pleatselike ferver moast der dan noch in swarte kleur on jaan, en as dat droech wie waard de kiste mei hynder en bolderwein nei it stjerhûs brocht. (sjoch bijlage 3)

In aparte "order" wie it meitsjen fan in houten hûske (privaat) wer it wetterkloset (WC) út fuortkomd is.

De earsten hierne foar de helt in flier, ûnder "de bril" wie it iepen, en sa kaam it dan boppe in jarregat te stean.

Letter mei it "tonnestelsel" wie de flier hielendal ticht, en moast der in doarke yn foar it ferwikseljen fan de tûne, dat troch de gemeentemannen út Balk dyn waard, grutte hûshaldingen krigen 2 tûnen yn de wike....

Nei it oalzzien fan de wetterleiding yn 195? Krige hast elts in Douche en wetter-closet (WC).

Der is no (1985) altiten noch minstens 1 wenning yn Nijemardum der 't de bewenners "it" boppe in jarekolk dogge sûnder wetter.

In nije wenning koe yn it begjin fan de 20^{ste} ieuw makke wurde foar ± f 800,-, en se steane noch yn 1985. Flak foar de oorloch bouden hja in knappe wenning foar ± f 3.000,- (Wytlandsdykje nr. 10) yn 1939 foar master Zijlstra.

Der kaam yn de tweintiger jieren yn Maart in klant, dy "t in nije wenning klear hawwe woe foar 12 maaie, it moast ek noch oan frege wurde, mar it slagge mei in heile ploech wurkljoe. Men hoegde fansels ek net te wachtsjen op wetter- en gaslieding, tillefoon en elektr. Ens. En fergunning wie der sa.

Der waarden ek fiten ûthelle, Klaas Muizelaar (pake fan de winkelman) wie faak "corvee-er" op it bouplak. En op in keer skroefde hij de grutte kofje kommen fan de timmerljue mei in skroef fest op de tafel yn 'e keet, en doe de kofje ynjitte.....

It kommentaar skriuw ik mar net op.

De bouwmaterialen, sa as stien en dakpannen waarden per skip oanfiert nei it "swaaigat" yn Sondel, en dan mei hynders en weinen troch Jouke Gijzen (de molkrider) te plak brocht. De klanten moasten sels by lytse putsjes de materialen en it steigerark by de timmerman wei helje, de measten hiene wol in kroade en in wein.

Letter waard in skowkarre oan skaft, dy't nei de komst fan de auto's ferfongen ward troch in oanhangwein.

By it bouwen fan it skoallehûs Lyklemawei 7, bouwprys ± f 5.000,- rekke de metsler Gerben van Hes yn it skoft út de tiid, in kertier earder stung hy noch by de skoarstien te wurkjen. En Seffert Reinsma (timmerfeint) foel boppe út de dakgoat op de tegels fan it skoalplein, mar hy kaam troch in wûnder "mei de skrik frij", dit barde yn 1934.

Ny de oorloch wie der neat te krijen, der waarden dan beammen út de Gaasterlanske bosk kapt, en yn Wâldsein of Snits oan plankken seage, spjerhout, de kwaliteit wie net best.

Foar de wettermûnne waard yn 1929 in brûkte houten skroef kocht foar f 45,-, mar doe 't se him pleatse soene yn "Swaantsje" blik dat de skoepen der ferkeard ynsieten, dat se moasten doe allegear opnij yn kapt en ferpleatst wurde. It skynt dat de mûnne net oeral de selde kant omdraaie, of dat hjir de wyn doe út in oare hoek waaide.

In doarpstimmerman moast fan eltse merken thûs wêze, skoastien reage moast ek 1 kear yn 't jier dyn wurdde foarhinne, dat koste yn 1936 f 0,50.

De nuverste opdracht hat faaks wol west in lykkiste mei in stofflik oerskot opgrave út it tsjerkhôf te Nyemardum. It wie immen dy't hjir troch de hunger yn it westen fan Nederlân en de oorloch hjir hinne komt wie, en in skoft letter yn 1943 stoar en hjir begroeven waard. Nei de oorloch woe de femylje de kiste mei ynhalt bysette yn it fameljegrêf yn Den Haach. Iede Groenhof hat it ferfier fersoarge.

Pieter Otter en Bauke Peterson wiene de earste Nijemardumers dy't yn 1936 nei de legere skoalle nei de ambachtskoalle gongen yn Snits, want tichterby wie der doe net ien. Mei de wite autobussen fan Marten de Boer út Balk moarns om 7 ûre fuort en jûns 7 ûre wer thûs, reiskosten f 100,- yn 't jier.

L Reitsma en P Otter wiene de earsten yn Nijemardum dy 't op 6 juni 1939 nei it eksamen yn Ljouwert it "Middenstandsdiploma" krigen.

Troch Gerlof Otter waarden u.o. de ûndersteande wurken útfierd:

1923	foar A. Sinnema nye wenning f 1792,99 (Heidepaed 12 Oudemirdum)
1926	foar Gebr W en P Otter 2 nije wenningen f 3.936,99 (Wytlandsdykje Nyemirdum)
1926	foar S.K. Muizelaar nije wenning mei slachterij f 3.134,82 (Syklemawei 23 Nyemirdum)
1927	foar S. Eppinga nije boerepleats f 8.986,25 (Syklemawei 6 Nyemirdum)
1928	foar H. Faber nije wenning f 4.248,81 (Syklemaweo 28 Nyemirdum)
1928	foar M.Hokestra grutte fertimmering boerepleats f 3.478,26 (Hoitebuorren 18 Nyemirdum)
1928	foar F Pietersma nije dûbelde wenning ± f 3.500,- (Hoitebuorren 31 Nyemirdum)
1931	foar Jelte Visser boerepleats
1934	foar Skoallebesjoer nije wenning ± f 4.800,-, master Ringnalda (Syklemawei 7 Nyemirdum)
1938	foar A. Tukema nije wenning mei fietsstalling f 2.890,- (Beschenswijkstr 2 Sondel)
1939	foar J.T.Zijlstra nije wenning ± f 3.000,- (Wytlandsdykje 10)

Bijlage 1. Earder wennen se fanôf 30 moaie 1918 tiidlik yn it skoallehûs nêst de âlde steatsskoalle (Lyklemawei 34). Se krigen doe ek al gau in Hongaars famke Wanda Flesch yn 'e hûs dy't doe yn 1918 as oorlochsflachtelingen yn ûs lân kamen. It earste wurk stiet te boek as "Anno 1918, 2 Maart" en wie yn opdracht fan Joh. Betsema (Nij Amerika 14)

Bijlage 2. Út rekken 1923:

1 putring	f 3,-.
100 witte zandsteen	f 2,-
600 putsteen mop, schaken en schroden	f 6,57.
1 stel 14 voetsgrenen houten pomp trochsneide 11 dms	f 32,20.
1 stel toebehoren (Hart met reel, Zuiger met stok, gebogen pompstok, Nik, Prik, Tap en Vet:	f 7,50
1 stuif hennep plaatsen	f 2,50

Bijlage 3. Rekken 31 aug. Anno 1918

1 Lykkist 37 voet 3,2 cm breed vuren hout	f 17,50
schroeven en handvaten	f 3,60
70 dr,m (spijkers) 2,40M2x17g.g.	f 2,60
verf	f 3,01
bekleding	f 7,50
25 uren werkloon (33 cent per ûre)	f 8,25
Portof (?)	f 2,75
Meielkoar	f 45,-

1924: grafkisten vuren 3 cm dik zonder bekleding f 29,-

Yn 1918 wie der Spoanskegriep, dit trof de fam. Feike Mulder tige swier, hja moasten binnen 1 wike 3 bern misse. G.Otter makke foar harren kiskes op 29 nov, 30 nov en 4 dec.

1918 regenwaterbak 2.200 liter klaar in de grond	f 120,-
1918 juni: hark hersteld 1 nieuw haad en 2 rieken, 1 uur	f 1,05
1918 oktober 2 stoofdeksels	f 1,10
1919 karnkan, pols en dekseltje	f 1,15
1919 nije werkplaats DvdZee (ferver)(Hoitebuorren 22)	f 943,11

Ût it klantboek fan Gerlof Otter

18 okt 1919 bankkachel	f 3,85
18 okt 1991 school kachel plaatsen, 4 uur	f 1,68
2 jan 1920 schoolkachel schoonmaken, 3 uur	f 1,26
1919 1 zak cement	f 6,-
dec 1921 1 kier in tafel gezet by H.Gatsonides	f 1,50
2 maart 1922 C.vd Meer Zaag gevijld	f 0,55
16 fer 1922 J.Draaijer bijl geslepen	f 0,10
1918 schrijffloer timmerman	f 0,35
11 maart 1922 weekloon Joh. Betzema	f 20,50
Gerrit Mulder	f 3,50
18 juni 1922 weekloon Gerrit Mulder	f 4,50

Prijsnoteringen 1920

Per meter:	2.6 x 10 cm vuren schroten	f 0,10
	2,2 x 18 cm g.g.	f 0,17
	punt draad	f 0,07
Rode holle dakpannen		f 0,16
Grint per m3		f 16,00
Draadnagels per kg		f 0,75

Prijsnoteringen 1922

Per meter:	2.6 x 10 cm vuren schroten	f 0,05 !!!
	2,2 x 18 cm g.g.	f 0,095
	punt draad	f 0,05
Rode holle dakpannen		f 0,16
Draadnagels per kg		f 0,37

In 2 jaar 50% goedkoper

Aardkar, compleet en gevef	f 178,-
Hooiwagens, compleet en gevef	f 345,-
Hooivork	f 1,-
Molleklem	f 0,045

Prijsnoteringen 1926

Per meter:	2.6 x 10 cm vuren schroten	f 0,05
	2,2 x 18 cm g.g.	f 0,08
	punt draad	f 0,05
Rode holle dakpannen		f 0,10
Grint per m3		f 11,00
Draadnagels per kg		f 0,22

Prijsnoteringen 1934 (Afbraakprijzen)

Per meter:	2.4 x 10 cm vuren schroten	f 0,03
	2,2 x 17 cm g.g.	f 0,0475

puntdraad	f	0,05
Rode holle dakpannen	f	0,085
Grint per m3	f	7,00
Draadnagels per kg	f	0,15
1 rol puntdraad	f	3,40
Lijkkisten Friesch model, bekleed, eiken	f	52,-
Vuren	f	28,-

Ût Kasboek Gerlof Otter

1920	advertentie nieuwjaarsgroet	f	0,30
	haar knippen	f	0,25
	contributie begrafenis	f	2,00
	contributie musykkorps	f	0,15 p w
	lope kleazen	f	13,50
	maken pak kleren	f	19,35
	plaatsgeld kerk	f	10,-
	balkster courant leesgeld	f	0,85
	Nov zwarte brandstof	f	11,50
	1 paar klompen	f	10,-
	3 korf aardappelen	f	6,-
	afbetaald op varken	f	10,-
1922	vermogen en verded. Belasting	f	69,70
	unie collecte	f	2,50 !!!
	reisgeld Leeuwarden	f	2,50
	tandarts	f	3,50
	nota Hattink (huisarts)	f	5,90
	uitsstomen jas	f	3,-
	1 kistje sigaren	f	5,-
	fooi houtschipper	f	1,-
28-4-1923	kinderwagen	f	9,-
7-4-1923	geboortekaarten	f	10,-
30-7-1923	herstelling kinderwagen	f	10,- !!
12-11-1923	1 wagen (brand)hout	f	11,25
7-11-1922	boete	f	1,-
7 okt 1925	ontvangen voor varkens	f	100,-
8-1-1926	1 wagen turf	f	9,-
18-3-1926	(fiets)band H.Reuming	f	0,10
25-1-1928	haarknippen	f	0,35
19 aug 1926	boete zonder bel.	f	1,50
23-5-1928	personele belasting	f	3,93
	grondbelasting	f	6,72
18-1-1922	afbetaald varken	f	10,-
	nieuwe pet	f	1,75
1920	Alle wiken	kostjild fan P.Peterson (weinmakker)	f 11,-
1921	idem	idem	f 11,50
1922	idem tot july	idem	f 11,50
1922	1 nieuw pak kleren	f	34,-
	1 nieuw overhemd	f	1,95
12-12-25	Baker	f	24,-
27-03-24	1 haarknipmachine	f	4,50
31-07-24	rijwielbelasting	f	3,10
07-10-25	1 varken	f	32,-
23-04-27	rekening veearts	f	3,50
13—1-28	1 rijwielplaatje	f	2,50

Huishoudgeld per week:	1920	f	20,-
	1921	f	21,50
	1922	f	23,-
	1923	f	10,-
	1924	f	10,-
	1925	f	10,-
	1926	f	10,-
	1927	f	15,-
	1928	f	15,-
	1929	f	15,-
	1930	f	15,-
	1931	f	15,-
	1932	f	15,-
	1933	f	15,-
	1934	f	15,-
	1935	f	10,-
	1936	f	10,-
	1937	f	12,50
	1938	f	15,-
	1939	f	15,-
	1940	f	20,-